

## Liturgy foar âldjiersjûn, 31 desimber 2021

Foargonger: pastor Anna Marike.Dijkstra-v.d.Woude  
Oargelist: Balt de Vries  
Koster: André Vink  
Technyk: Jesse van Krimpen  
Muzyk: de Martinisjongers



Wolkom en meidielings troch de tsjerkerie

Oanstekken fan de kearsen

Liet 286: 1 en 3

1 Dê't de minsken dwale yn it tsjuster,  
wolle wy ús rjochtsje nei it ljocht,  
sjoch it ljocht dat God ús joech yn Jezus,  
sjoch de minske dy't ús klearens brocht.

refrein: Want it ljocht sil't fan it tsjuster winne,  
hoe's de nacht ek tsjin de dage focht;  
ek al krûpe skaden om ús hinne,  
altyd rjochtsje wy ús nei it ljocht.

3 Stek in kears oan midden yn it tsjuster,  
as in teken yn in bange tiid,  
dat ús libben net op wanhoop útrint  
en dat frede fierder bringt as striid.

refrein: Want it ljocht sil't fan it tsjuster winne,  
hoe's de nacht ek tsjin de dage focht;  
ek al krûpe skaden om ús hinne,  
altyd rjochtsje wy ús nei it ljocht.

Stilte Bemoediging en groet

Liet 513: 1 en 2

1 God hat it earste wurd.  
Hy spriek en liet foar hinne  
it libbensljocht oerwinne,  
noch altyd sprekt dat wurd.

2 God hat it earste wurd.  
Foar't wy op ierde kamen

rôp Hy ús al by namme,  
noch altyd klinkt dat wurd.

## Gebed

Liet 513: 3 en 4

3 God hat it lêste wurd.

Wat Hy fanâlds foarsein hat,  
wurdt as de tiid in ein hat  
oeral it lêste wurd.

4 God stiet oan it begjin,  
Hy sil oan de ein der wêze.  
Syn wurd is fan ús wêzen  
oarsprong en doel en sin.

Taljochting op it tema: "Troch goede machten trou en stil behoede"

Lêzing: Liet 511

Liet 511: 1, 2, 3, 4

1 Troch goede machten trou en stil behoede  
fiel ik my treaste, wûnderlik en blier,  
sa wol ikgraach mei jim, myn leafsten, moedich  
gean oer de drompel fan it nije jier.

2 Wol al it âlde noch us hert ferniele,  
en komt fertriet ek hjoed noch op ús ta,  
o Hear, jou oan ús rêsteleaze sielen  
it heil dat jo foar ús ornearre ha.

3 En woll' Jo ús de bittere beker skinke,  
mei leed en lijen oant de râne fol,  
dan nimme wy him tankber oan en tinke  
oan wa't Jo binne, goed en leafdefol.

4 Mar woll' Jo ús noch ienkar freugde skinke  
om dizze wrâld, it sinneljocht ús jûn,  
dan sille wy wat eartiids wie oertinke,  
dan hawwe wy by Jo ús eindoel fûn.

## Oertinking

Liet 511: 5, 6, 7

5 Lit no de kearsen waarm en helder skine,  
troch Jo ús jûn tsjin alle tsjustere macht,  
jou, as it kin, dat wy inoar wer fine.  
Wy witte 't wol, jo ljocht skynt yn 'e nacht.

6 En falt de djippe stilte om ús binne,  
fan iensumheid en hopeleas fertriet,  
wol ús dan jaan dat we oeral hearre kinne  
it loftiet dat rûnom oer de ierde giet.

7 Troch goede machten trou en stil behoede,  
is dit ús treast, wat moarn ek komme mei,  
Gods hân sil ier en let ús gongen stjoere,  
want Hy is mei ús elke nije dei.

### Gebeden

+

### Luisterlied

1 God fan fier en hein ús Heit  
dat wy hilligje jo namme,  
ûnder ús sa faak úntwijd,  
troch jo eigen bern beskamme

2 Bûch de folken nei jo wet  
lit jo ryk op ierde komme.  
byn jo wil ús op it hert  
en wy sykhelje ferromme.

3 Jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou wat wy misdiene,  
sa't ik wy ferjûn ha, Hear,  
al dy't skuldich foar ús stiene.

4 Lit oer ús gjin neare nacht,  
lied ús net yn blyn begearen.  
Binne wy yn duvels macht,  
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

5 God fan fier en hein ús Heit,  
wûnder heimnis fan jo namme,  
grut yn krêft en hearlikheid,  
oant yn alle tiden, amen

Oandacht foar de kollekte

Liet 90A : 1, 4, 5, 6

1 O God, ús foarteam droegen Jo  
yn nacht en stoarmgebrûs,  
bewiis ek ús jo macht en trou,  
wês ivich ús tehûs.

4 En tûzen jier binne\_as de dei  
fan juster yn jo each,  
ús oeren gean en wurde wei,  
as 't libben yn in fleach.

5 De tiid nimt alle minsken mei,  
it is in stadige stream;  
sy gean de blommen efternei,  
ferfleane as in dream.

6 O God, ús foarteam droegen Jo  
yn iuwen fol gebrûs,  
wês ús in liedsman hjir en no  
en ivich ús tehûs.

Seine

Lied 511: 7

7 In goede machten liefderijk geborgen  
verwachten wij getroost wat komen mag.  
God is met ons des avonds en des morgens,  
is zeker met ons elke nieuwe dag.

In protte leafde en lok



Yn it nije jier